

Klaas Overzee: schilder van het oude Koudum

OP EEN mini-terp achter in de tuin staat een spierwitte Venus van Milo.

In de kamer hangt zeker een vijftal schilderijen, aquarellen en etsen met als meest in het oog lopende het „portret van een oude man”. Een stuk van Rembrandt, dat fraai gekopieerd is. Eén ding is duidelijk: aan de Van Epemstraat in Koudum — een strakke buurt met bejaardenwoningen met gladgeschoren gazons — woont een kunstliefhebber. Hij is 87 jaar en heet Klaas Overzee. Behalve liefhebber van andermans werken is hij zelf ook scheppend bezig. Er kan vrijwel geen dag met mooi weer voorbijgaan of de krasse heer Overzee trekt erop uit met een schetsboek om stukje karakteristiek Koudum voor het nageslacht vast te leggen.

„Ik ha altyd al nocht aan skilderjen hawn. As jonge roun ik al mei aketsboekje om. Stikem fansels, oars laken se my út, hwant Koudum wie doe noch in frjemd doarp. Doe't ik fan skoalle kaem tocht ik, ik moat al les ha. Dat slagge, sels foar de middelbare akte.”

„Yn Ljouwert wenne doe in Visser. Hy hie in adfortinsje yn de krante en dérynen frege hy skilders fan lánskippen en kopkes. Dér kaem ik oan it wurd. Wy moasten dy dingen by de massa meitsje. Hoe mear as wy makken, hoe mear as wy fortjinnen. Se gongen nei Amerika, sei er. Op it lëst siet Visser lykwols funder dy dingen en moasten wy wer fordwine.”

● Amsterdam

„Doe bin ik yn Amsterdam tolânnne kommen. Dér ha'k skildere en kopyen makke. Spinstertjes van Nicolaas Maas bygelyks en wurk van Melchior d'Hondecoeter. It leafst stie ik lykwols oan in skoalle. Fan skilderjen allinne bisteau foel net ta. It wie yn dy jierren nammers in ófgryslik „gesukkel”. Oeral mei. Letter slagge dat yn Haerlem. Ik kaem der oan twa skoallen.”

„Yn ús fekânsje en oars ek wol kamen wy wolris yn Koudum. Wy founen it hjir sa moai dat wy hjir letter hinne gongen binne to wenjen. En ik bin doe wer oan it tekenjen slein. Ik ha it hiele doarp sa'n bytsje tekene. Al dy âlde huzen. Massa's binne al fuort, sloopt. Se wiene skilderachtich. Ik bin hjir nou hast útstudearre. Ik siz wolris tsjin myn vrou: „ik wit net mear. Och, seit se dan, dou komst wol wer mei hwat thús. En dat is ek sa.”

„As ik oan de gong bin, geane der hast altyd lju om my hinne stean. Hwat is it hjir moai, he'n, siz ik dan. Dan sisse hja: moai? hwerom? Dan fiele jo wol dat hja der net fan trochdrongen binne. Nou moat ik wol sisse dat Koudum froeger moajer wie. Doe stiene hjir fjouwer kommandeurhuizen. Dér is der nou noch ien fan. Moajie gevlechtsjes ha wy hjir nooit hawn.”

„Né, ik skilderje net allinne lánskip-

pen. Ek portretten. En stillevens. Ik ha yn Haerlem noch les hawn fan Boot. In bikind stillevenskilder. Jo ha grif wol fan him heard. Hwat hie dy fint in rotsoai yn syn atelier, hwant der moast oeral stof op lizze. Hy hie it huis ek fol „aigietseis” fan madonna's en Grykske koppen. Dy sieten ek altyd onder it stof.”

● In karrefol

„Wy ha in kear in karrefol fan dy dingen meinommen. Wy hiene se nedich op skoalle. Je denkt er wel om dat dat stof erop blijft, sei hy tezin my. Mar doe kaem de ellinde. It wie sneon. De conciërge rint troch skoalle en sjocht dat spul. Hy tinkt by himselfs: ik sil dy bylden ris in beurt jaen. Doe't ik de moandeis op skoalle kaem, wiene se alle gear skjin en wyt. Dit is in ramp, toch ik by mysels. Hoe krije wy dit yn 'e goedegodsnaam wer goed. De stofsúger, sei myn vrou. En doe ha wy de stofsek oer alle bylden leechskodde.

Boot sei letter: dit is keurig. Ze zien er beter uit dan toen je ze haalde.”

De heer Overzee vindt, dat hij lang genoeg gepraat heeft. Hij gaat naar het zijkamertje en brengt het ene schilderstuk na het andere binnen. Kostelijke dingen, die hij nu niet meer maken kan, omdat hij geen atelier heeft. Daarom is hij nu op tekenen aangewezen. „Dy âlde hoekjes forkeapje ik faek. Né, net folle oan partikulieren. De lju binne it net wend. Ik ha der lykwols myn genoegen oan en fierders kin it my net folle skele. Ik ha twa kear eksposearre. De eerste kear op útnoeging fan de dumny yn it lokael. Dat hat net lang duorre, hwant der wie in bigraffenis en doe moast de hiele rommel deruit. De twadde kear gie it better.”

● Winter

Bij het naar buiten gaan zegt hij: „Ik fiel my net âld, sjoch. Ik ha wurk en mei plesier. It slimste is dy lange winter. Dan kin ik der net op út. Ik ha wolris nocht oan sa'n prachtich winterlánskip. Alles is dan sa moai, sa rein, dat paersblauwe fan de loft yn de aniemassa... Mar ik doch it net. De lëste winter bin ik trochkarrele mei papiermaché. It is myn wurk net, mar ja, as jou hânnen net stilsteau kinne...”